



Ynhâld

Ferslach fan it bestjoer.....	2
Misje.....	2
Pylders fan al it wurk.....	2
Utwurking.....	2
Technyske ûntwikkeling.....	2
Oersetten en tagonklik meitsjen fan de poëzy.....	3
Skriuwen fan de lessen.....	3
Seleksje fan de modelfersen.....	3
Foarútsjen.....	3
Organisaasje.....	4
Bestjoer.....	4
Wurknimmers.....	4
Sinteraasje.....	4
Balâns.....	5
Winst en ferlies.....	5
Taljochting.....	6
Begrutting.....	7

Ferslach fan it bestjoer

Misje

Wy sette ús derfoar yn dat alle jongerein en folwoeksenen aktyf keunst beoefenje kinne en har keunstsinnige talinten ûntjaan kinne. Keunst en skjintme binne doelen op harsels. Mar aktive sosjale en frijetidsbestegingen kinne ek de libbenskwaliteit ferheegje. Keunst meitsje lit ús kritysk tinke. Keunst skeppe makket ús ferdraachsumer en fernimstiger.

Pylders fan al it wurk

De pylders fan ús wurk binne drompelferleging, fuortsterking fan fakbekwaamheid, ûnderwiisûntwikkeling en belangebehertiging yn 'e keunsten.

Drompelferleging is de elitêre bysmaak fan de keunst ôfnimme. In soad minsken binne in bytsje bang foar fersen. Se tinke dat dichtsjen net foar har weilein is. Mar drompelferleging is net ynfantilisearring. Drompelferleging is: it oanbod sichtber meitsje en tichtby bringe, sjen litte dat lju krekt allyk as jo ek meidogge en meidwaan fergees meitsje. Drompelferleging is rekken hâlde mei beheiningen. Dôve minsken moatte ek meidichtsje kinne.

It befoarderjen fan in hege standert fan fakbekaamheid yn it ferbyldzjend skriuwen hat, as keunstfakprofesjonalisearring, te krijen mei ambachtlike feardichheid, likegoed as it ôfkundigjen fan wurkwizen yn beroppen dy't fan natuere etysk binne.

Underwiisûntwikkeling en bêste wurkwizen yn it keunstfak binne rjochte op learstof mei kearnûnderdielen, lykas in grut ferskaat oan keunstbegripen en -ûnderwerpen en keunst-uteringen fan oer de hiele wrâld. Keunstûnderwiisdoelen binne dat jo de learder helpe te ûntdekken wat keunst is yn 'e wrâld fan no. Jo helpe him artistyk en technysk masterskip op te bouwen. Jo litte him eksperimintearje mei utinoar rinnende stilen, middels en techniken.

Belangebehertiging is: jongerein en folwoeksenen by steat stelle, ûnderstypje en útrisse om mei it beoefenjen fan it keunstfak har mienskip effektyf foarút te helpen, mei pleitbesoarging en iverjen foar rjochtfeardichheid.

Utwurking

De stifting PoëzijLab is alderearst in projektstifting. In projektstifting is in organisaasje sûnder winstbejei dy't opset is om in projekt mei in maatskiplik of woldiedigensdoel út te fieren. Dat projekt kinne wy útfiere mei oerheidssubsydzjes en bydragen fan fûnsen.

It projekt PoëzijLab hâldt yn it ferwurklikjen fan in twatalige – Frysk en Nederlânsk – mûnske iepen ynternetkursus poëzy, tagonglik foar elkenien fan 12 jier ôf en geskikt om te brûken yn it fuortset ûnderwiis.

Hjirûnder somje wy de aktiviteiten op dy't wy útfierd ha en wat wy berikt ha yn it jier 2024.

Technyske ûntwikkeling

It dielprojekt technyske ûntwikkeling fan in fergese ynternetkursus poëzy is subsidiearre mei 50.000 euro troch de Provinsje Fryslân. De begjinfaze en planningsfaze fan it dielprojekt binne ôfrûne yn 2023. De útfieringsfaze besloech it hiele jier 2024. De databank is makke. De

backend krige syn beslach, dus it part fan de webtapassing dat brûkers net sjogge en dêr't de gegevens bewarre en bewurke wurde. De frontend, dus it part dat de brûker sjocht en dingen mei docht, kaam foar grutste part ôf, op funksjonaliteit nei lykas toetseboerdbetsjinning en layout en funksje op lytse skermen.

Oersetten en tagonklik meitsjen fan de poëzy

It foljen fan de webtapassing mei ynhâld is mei 20.000 euro subsidiearre troch it Nederlands Letterenfonds, yn de kategory Digitale literêre projekten. It oersetten fan 100 Frysktalige modelfersen, opnommen yn it lesmateriaal, is de grutste put. Fierder bestiet de ynhâld út noaten en kommentaren by de fersen en keunstnerbiografyen. Yn novimber 2024 ha wy de dichters fan wa't wy wurk opnimme, útnoege om ferbetterútstellen te dwaan oer dy ynhâld. Yn jannewaris 2025 is in begjin makke mei it ferwurkjen fan de opmerkingen fan de dichters.

Skriuwen fan de lessen

It skriuwen fan it lesmateriaal wurdt foar in part finansiêre troch it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum (FLMD). Foar dit dielprojekt is yn 2023 in mânsk projektplan skreaun. Yn 2024 gie it de útfieringsfaze yn. Der binne 36 lessen skreaun, mei goed 200 skriuwaktiviteiten. Dêrneist krige de learkrêftehantlieding syn beslach. Ein 2024 binne de lessen opnij besjoen troch de eksperts, in fakdidaktikus en in learkrêft brede skoalmienskip. Har lêste advizen wurde ferwurke yn 2025.

Seleksje fan de modelfersen

It dielprojekt seleksje fan de modelfersen foar yn de lessen is finansiêre troch it Cultuurfonds Fryslân, mei 2.800 euro. De begjinfaze, planningsfaze en útfieringsfaze krigen har beslach yn 2024. Der is in metoade skreaun om fersen te hifkjen op tekstkompleksiteit (lykas Lezen voor de lijst docht foar proaza), want sa'n metoade bestie net. Dêrnei binne út sa'n 200 Fryske hjoeddeiske dichtbondels 100 fersen keazen mei in ferskaat fan ûnderwerpen, tema's, fersfoarmen, techniken en tekstkompleteiten. De dokumintaasje wurdt ôfrûne yn 2025.

Foarútsjen

Takomstige aktiviteiten binne foar alle rinnende dielprojekten de ôfrûningsfaze. Echte brûkers sille yn 'e maitiid fan 2025 de software hifkje, foar de algemiene yntroduksje.

- Technyske ûntwikkeling: wy sille noch in diskusjefoarum en webanalysesysteem ynstelle. Dêrneist hâlde wy de webtapassing 5 jier lang draaiende. Wy wurkje de tapassing geregeld by. Wy betelje dat út in kontinuïteitsreserve.
- Ynhâld: alfatesters, dus *net*-dichters, sille de funksjonaliteit útprobearje en nei de fersen, oersettingen, dichtersbiografyen en oar sekundêr materiaal sjen en harkje. Sy krije in fragelist en nei ôfrin fan har hifkjen in fraachpetear. Wy passe de ynhâld oan dêr't dat nedich is.
- Lesmateriaal: de alfatesters sille de funksjonaliteit fan de lessen hifkje en nei de learstof en it oare materiaal sjen en harkje. Sy krije allyksa in fragelist en nei ôfrin fan har hifkjen in fraachpetear. Wy passe de ynhâld oan dêr't dat nedich is.

- Modeltekstseleksje poëzy: wichtich is dat wy goed útlizze hoe't men sa'n tekstseleksje docht, foar in hiel brede doellêzer en mei each op de kearnûnderdielen fan keunstûnderwiis. It op om tagonkliklike manier utinoar setten hoe't men dat oanpakt, krijt yn 2025 syn beslach.
- Wy hawwe 'proofs of concept' makke fan lûd- en filmynhâld, om de learstof oan te foljen. Yn 2025 sille wy in detaillearre projektplan skriuwe foar podcasts en edukative koarte filmkes.
- Fierdere subsidydzjes: it finen fan de juste subsidydzje op it juste stuit is tige arbeidsyntinsyf, spesjaal foar in organisaasje sûnder winstbejei. Yn 2025 sille wy in donaasjeplan opstelle foar weromkommende skinkingen en skinkingen foar ien kear.

Organisaasje

De organisaasje is hjir te berikken:

Stichting PoëzijLab
 Boomstraat 32D
 1015 LC Amsterdam
 ynfo@poezijlab.com

Dit binne de KfK- en fiskale nûmers:

RSIN nûmer: 864905051
 KfK-nûmer: 89189221

PoëzijLab is in kulturele ANBY-stifting: in algemien nut beëagjende ynstelling op it mêd fan kultuer.

Bestjoer

It bestjoer fan de stifting PoëzijLab bestiet út trije persoanen. Der hawwe yn it ôfrûne jier gjin wikselingen yn it bestjoer west en der komme gjin wikselingen oan. De stifting ken gjin maksimale beneamingsdoer. It bestjoer wurdt net belean. De bestjoersleden krije gjin fergoeding foar har wurk. Wol kin it foarkomme dat kosten dy't hja makke hawwe om har taken út te fieren, lykas reiskosten, fergoede wurde.

Foarsitter: Friduwih Riemersma
 Ponghâlder: Brad Turmaine
 Skriuwer: Guido Wolff

Wurknimmers

De stifting hat gjin wurknimmers yn tsjinst. De stifting wurket net mei frijwilligers.

Sinteraasje

Hjirûnder fine jo in oersjoch fan alle skulden en besittingen fan de stifting PoëijLab op 31 desimber 2024 en in oersjoch fan alle opbringsten en kosten yn it jier 2024.

Balâns

Balâns op 31 desimber 2024			Unfolslein boekjier
	Talj.	31 desimber 2024	31 desimber 2023
AKTIVA			
Fêste aktiva			
	1	0	75
Omgeande aktiva			
Koartrinnende foarderingen (debiteuren)	2	3.800	0
Jildmiddels	3	38.207	61.172
MEI-INOAR		42.007	61.247
PASSIVA			
Eigen fermogen	4	0	0
Kontinuïteitsreserve	5	6.300	0
Bestimmingsreserve	6	0	0
Oare reserves	7	0	0
Langrinnende skulden	8	0	0
Koartrinnende skulden	9	4.200	0
Foarskotten	10	31.507	61.247
MEI-INOAR		42.007	61.247


Winst en ferlies

Steat fan baten en lêsten oer 2024	Talj.	2024 €	2023 € (ûnfolslein)
<i>Baten</i>			
Subsydzje dielprojekt YT Untwikkeling	11	0	50.000
Subsydzje dielprojekt Ynhâld	12	0	20.000
Subsydzje dielprojekt Lesmateriaal	13	0	
Subsydzje dielprojekt Ferseseleksje	14	0	
Jeften en stipe	15	0	
<i>Baten mei-inoar</i>		0	70.000
<i>Lêsten</i>			
Algemiene lêsten	16	210	198
Technyske ûntwikkeling	17	14.032	8.555
Ynhâld: literêr oersetten	18	7.913	0

Ynhâld: byld, lûd, film	19	886	0
Untwikkeljen lesmateriaal	20	0	0
Literêre tekstseleksje	21	0	0
<i>Lêsten mei-inoar</i>		23.041	8.753
Neidielich saldo		-23.041	-61.247

Taljochting

Sa ha wy yn it jier 2014 it jild bestege.



1. Fêste aktiva

Wy hawwe gjin bedriuwspân en ynventaris. Der wiene gjin oprjochtingskosten.

2. Koartrinnende foarderingen

Wy ferwachtsje dat de takende bydragen fan twa fûnsen, útkearber nei ôfrûnjen fan it dielprojekt dat hja (diels) finansierje, healweis 2025 útkeard wurde silje. It giet om 1.000 euro fan it FLMD, as bydrage foar it ûntwikkeljen fan it lesmateriaal, en 2.800 euro fan it Culturfonds Fryslân, foar de seleksje fan de modelteksten yn de lessen.

3. Jildmiddels

Tegoeden op bankrekken.

4. Eigen fermogen

De likwide middels stean foar hûndert persint net ta frije beskikking fan de stifting. It fermogen fan de stifting bestiet út weromfoarderbere projektsubsydzjes, sjoch 10.

5. Kontinuïteitsreserve

De kontinuïteitsreserve is de dekking fan de risiko's op de koarte en middellange termyn. De raming fan de kosten is bepaald op grûn fan risikoanalyse en praktyske oplossingen. Dat wol sizze, as de projektútfiering om hokfoar reden ek net mear trochgean kin, binne de raamde kosten foar in ôfrûningsfaze mei in lytser berik en 'worst case' eindoelen 6.300 euro.

9. Koartrinnende skulden

Fergoedingen auteursrjochthawwers neffens Karlêzingsregeling, nammentlik 100 fersen foar in fergoeding fan 42 euro foar in hiel fers.

10. Foarskotten

De projektsubsydzjes fan de oerheden binne krigen yn de foarm fan weromfoarderbere foarskotten.

11 – 14. Subsydzjes

It bestjoer hat besletten fierdere subsydzjes te finen nei't de projektrisseltaten fan de rinnende dielprojekten helle binne. Wy wurkje oan 'proofs of concept' fan wiidweidiger tsjinstferliening dy't de basisferzje fan ús webtapassing oanfollet.

15. Jeften en stipe

It bestjoer hat noch gjin donaasjeplan opsteld.

16. Algemiene lêsten

Bankkosten en webhosting.

17. Technyske ûntwikkeling

It grutste dielprojekt is de technyske ûntwikkeling fan in webtapassing, en wol in twatalige mânske iepen ynternetkursus poëzy, stipe troch Provinsje Fryslân mei 50.000 euro.

18. Ynhâld: literêr oersetten

De 'content' fan de webtapassing wurdt finansiere mei in stipe fan it Nederlands Letterenfonds, fan 20.000 euro. It oersetten fan 100 Frysktalige fersen nei it Nederlânsk is de grutste post yn dizze dielprojektbegrutting. Ien tuskentiidske faktuer is betelle.

19. Ynhâld: byld, lûd, film

Alle ynhâld is berikber mei skermlêzer. Mar alle fersen wurde ynsprutsen yn twa talen. Film en lûd-ynhâld freget faak mear wurk om folslein tagonklik makke te wurden. Foar film slute wy mei de hân ûndertiteling by (wy brûke gjin selsgenerearre ûndertiteling).

20. Untwikkeljen lesmateriaal

It skriuwen fan dichtlessen wurdt diels finansiere mei in bydrage fan it FLMD. It wurk is yn útfiering en der binne gjin tuskentiidske foarskotten fakturearre.

21. Literêre tekstsleksje

De literêre tekstsleksje wurdt finansiere mei in bydrage fan it Cultuurfonds Fryslân. It wurk is yn útfiering. Der binne gjin tuskentiidske foarskotten fakturearre.

Begrutting

Omtrint de helte fan de subsydzje foar de technyske ûntwikkeling is bestege: 22.785 euro. Nei it opleverjen fan de webtapassing hâlde wy in kontinuïteitsreserve oan, sadat de webtapassing 5 jier draaie kin. Dêrneist stelle wy in bestimmingsreseve yn fan € 4.086 foar it ynstellen en ôfstellen fan foarumsoftware. Wy biede 6 moanne moderaasje fan it diskusjefoarum, om't der gjin budzjet foar is.

Fan de subsydzje foar it skeppen fan de ynhâld is ek sawat de helte bestege: 8.799 euro.

Nei it opleveren fan de twa lytsere dielprojekten, it learstrof skriuwen en de modeltekstseleksje, sille de subsidyzjebedraggen foar dy dielprojekten útkeard wurde.

Wy wolle graach libbene dichters en dichtleararen yn de kursus behelje. It oeretaryf fan leararen ferbyldzjend skriuwen is 35 oant 60 euro. Foar de dielprojekten dichterspocasts en dichtersfilmkes sille subsidyzjes of fûnsen oanfrege wurde.

Wy sille yn 2025 in donaasjeplan skriuwe en der útfier oan jaan.

Begrutting 2025	begrutte	risseltaat
<i>Ynkomsten</i>		
Subsydzjes		0
Fûnsen		3.800
Jeften		0
<i>Ynkomsten meiinoar</i>		3.800
<i>Utjeften</i>		
Algemiene kosten		200
Webhosting (12 moannen)		420
Development (332 oere)		17.285
Literêr oersetten (100 fersen meiinoar)		11.201
Conten creation (lûd, byld, film)		0
Fergoedingen skriuwers		4.200
Untwikkeln lesmateriaal		1.000
Literêre tekstseleksje		2.800
<i>Utjeften meiinoar</i>		37.106